



DE LAITS FAN IZEBaits

(De lach van Izebach)

stik foar bern yn twa bedriuwen

skreaun troch

Aris Bremer

oerset troch

Klaasje van der Veen-de Boer

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE LAITS FAN IZEBACHS – DE LACH VAN IZEBACH** gaan opvoeren, dienen in alle programma-boekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ARIS BREMER** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: 2012 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **10** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

IZEBAITS– Keninginne

DRIP, DRUP, DROP – har trijeling

SPION – har spion

GENERAAL – har generaal

MINISTER – har minister

NAR – har nar

LAKEI 1 en LAKEI 2 – har lakeien

Alle rollen kinne sawol troch froulju (famkes) as troch manlju (jonges) spile wurde.

Nei oanpassingen yn de tekst kin IZEBATS ek in kening wêze.

DEKOR

paleisseal – troan op ferheging middenachter – links en rjochts iepen sydfinsters – yngongen achter, links en rjochts.

EARSTE BEDRIUW

It toaniel is donker / it doek is ticht / ljocht op it foartoaniel

Nar: *(op)* Aiaiaiai! Ai! Ai! Ai! *(slach oer de kop)* Wa bin ik? No? Wa wit it? Ai! Wat sjogge jim dom! Domdomdom. Oaljedom! Sjoch mar neist dy. Sjoch nei it bern neist dy. Dom no?! Sa dom sjochsto no ek! As apen! Uh! Uh! Uh! As ezels! Ia! Ia! Ia! No, wa bin ik no.... Nee, net in aap! En ek net in ezel! Jim binne apen en ezels. Witst dat ik noch dommer bin dan jim. Of leaver sein: Ik doch krekt as bin ik dommer dan dom. Ik bin Nar. Ik bin in Gek, in Pias. Aiaiai! Witte jam wat in Nar is? Nee, dat witte ezels net. Wat docht in Nar, in Pias? *(makke rare meneuvels)* In Pias, in Gek lit de minsken laitsje. Aiaiai! In Pias lit de minsken laitsje om harren eigen domme dingen. Foaral grutte minsken. Grutte minsken dogge faak de domste dingen en dan tinke se dat se slim binne. Domdomdomdiridirdomdomdomdom! En de hiele grutte minsken. Dy och-sa, och-sa wichtige minsken, dy dogge no krekt de alderdomste dingen.... En ik kin it witte, want ik wurkje foar de allergrutste, de alderwichtichste.... Ik bin Nar de Pias fan it paleis fan Izebaitis?! Wa 't Izebaitis is? Fansels witte apen dat net. En ezels al hielendal net! Dy kinne Keninginne Izebaitis net iens. Domdomdom.... en dan ha jim har fansels ek noch nea laitsjen heard! Dat is myn wurk, de Keninginne laitsje litte. O, en as Izebaitis laket, laket eltsenien. It hiele paleis. Ja, it hiele lân! Aiaiai! De Laits fan Izebaitis! As Izebaitis laket, begjint de sinne te skinen en komme de blommen ta bloei! Allinne.... allinne de sinne skynt net mear. De blommen binne wilich wurden. It is foarby! It is oer! De Keninginne.... Izebaitis laket net mear. Wat ik ek besykje. Aiaiaiaai! Myn gekste ynfallen.... neat! Net in glimke. Dat is hiel slim foar in Nar. Dat is slim foar har hiele lân. En noch slimmer foar har bern. As jins mem noait mear laket.... dat is slim! Kenne jim de bern fan Izebaitis? Nee? Kenne jim de bern fan Izebaitis net iens? Fansels, dat kin ek net oars.... apen en ezels. *(giet ôf mei in slach oer de kop)* Domdomdomdiridirdomdom!! Domdom....

doek iepen / eftertoaniel donker / Drip, Drup en Drop middenfoar

Drip: Myn namme is Diripiripido en ik bin in bern fan Izebaitis.

Drup: Myn namme is Dureapapeapaprika en ik bin in bern fan Izebaitis.

Drop: Myn namme is Doroporoploffitof en ik bin in bern fan Izebaitis.

Drip: Myn namme is Diripiripipi.... lit ek mar sitte, sis mar gewoan Drip. Drip! (*wiist nei Drip*) En dy oen dêr dat is....

Drup: Myn namme is Dureapapea.... mar dat is sa dreech; sis mar Drup. Drup! En dat ukkie dêr.... (*wiist nei Drop*)

Drop: Doroporoploffitof, mar sis mar gewoan Drrrrrrrop! Drop dus!

Drup: Drrrrup. Drup dus!

Drip: Drrrrip. Drip dus!

Alle trije: De trijeling fan de Keninginne!

Drip: Dat binne wy. De Keninginne is ús mem. Dêrom binne wy deftich. Hiiiel deftich.

Drup: En jouwe wy goed om sizzen. Hiiiel goed.

Drop: En binne ek hiiiel hiiiel stil. Ssst. (*sjocht stil en ernstich foar him út; dan ynienen in gekke sprong*)

Alle trije: Wauwauw!! Mar net echt hear! Hielendal net deftich! Alhiel net hearrich! Neat net stil!! Wauw!! Wauw!! (*Drip en Drop ploffe op Drup, Drup falt foar mei Drop op syn rêch*)

Drop: Hup Drup! Hup! Ride mar!

Drup: Stop! (*op knibbels*) Stop, Drop!

Drop: Neat gjin stop! Do bist de happe fan Drop! Hop! Hop!

Drip: (*ek op de rêch fan Drup*) En it hynder fan Drip. Myn hynderke! Hup Drup! Drup is ús hynderke, no Drop?

Drop: Drup is ús hynder! Hup, Drup! Drave Druppy!!

Drup: Doch net sa gek! Ik bin gjin hynder!

Drip: Wy binne dappere ridders en do bist ús hynder en do bringst ús nei it Bûtenlân. Hup, hup, Drup!

Drop: Do bringst ús nei de oare kant fan de wrâld!

Drip: Nei de moanne!

Drop: Nei de sinne! Nei de stjerren!

Drup: Nei de stjerren? (*komt omheech; de oaren falle*) Dan bin ik in romtehynder. Ik bin hielendal gjin hynder! Ik bin in tiger, in wylde tiger en ik ha honger! Hongerrrr! (*springt boppe-op Drop*)

Drop: Stop! Net dwaan!

Drup: Ik bin de wylde tiger Drup en ik ha sin oan Drop!

Drip: (*springt ek boppe-op Drop*) Ik ek! Ik bin ek gek op Drop! Ik fret Drop hielendal op!

Drup: O, nee, neat derfan. Drop is fan my! It is myn Drop!

Drip: Ik bin ek in tiger. Grrrr!!

Drup: Net wier! Do bist gjin tiger, Drip!

Drop: Drip is in wettersnip!

Drup: Dripke is in wettersnipke! Mar bang foar wetter! Snetter de snetter.... ha, ha, ha.... (*boppe-op Drip*)

Drop: (*is yntusken loskommen en springt op de oaren*) Blub, blub,

blub foar Drup. Gjin gedonder, kopke onder. (*triuwt holle nei de grûn en pakt yntusken Drip by in foet sadat dy ek omfalt*) Drip, dy snip sil swemme! (*se laitsje, roppe, lûke en triuwe oan elkoar*)

Izebaits: (*út sicht, lûd*) Diripiripido!! (*se stowe útelkoar*)
Dureapapeapaprika!! (*se steane stil*) Doroporoploffitof!!

Alle trije: (*flústerje*)Izebaits.... dat is Izebaits.

Drup: (*nei de seal ta*) Us mem.... de Keninginne.

Drop: Witst, ús mem Izebaits, we sille it daliks mar fertelle, want it is wol hiel slim....

Izebaits: Doroporo....Drop!

Drop: Hoe slim, dat sjochst noch wol!

Izebaits: Drop, hjirkomme!

Drip/Drup: (*winke Drop dat er fuort gean moat*) Drop....

Drop: Ik bin Drip!

Drip: Net wier! Ik bin Drip!

Drop: O, ja? Bisto Drip?

Drip: Ja, ik bin Drip.

Izebaits: Drip!!

Drip: Ik bedoel, ik bin Drup.

Izebaits: No daliks hjir komme, Drip!

Drop: Ik soe it mar dwaan, Drip.

Drup: Mar sy rôp dy ek Drop!

Drip: Ja, en dy ek.

Drup: Earlik is earlik.

Drop: Ik ha neat heard.

Drup: Dat hasto wol!

Drop: Ik ha it echt net heard!

Izebaits: Drip en Drop!

Drip/Drup: O....

Izebaits: En no daliks hjirkomme!

Drup: O, gelokkich ikke net!

Izebaits: En Drup ek!!

Drup: O, ik ek?

Izebaits: Drip, Drup en Drop! Hjir komme! (*doek giet iepen, ljocht op de troan. Izebaits sit, sjocht strak en boas foar har út, winkt de trije by de troan te kommen. Stilte*)

Drip: Ikke....

Izebaits: Stil do! (*stilte*)

Drop: We diene....

Izebaits: Ha ik dy wat frege? (*stilte*)

Drup: We kinne....

Izebaits: Stil do! (*stilte*)

Drup: (*rap*) We kinne it net helpe.

Izebaits: (*giet stean*) Wa praat hjir foar syn beurt? Wa jout antwurd sûnder dat him wat frege is? Wa? No? Wa?

Drup: Ikke....

Izebaits: En wa is ikke?

Drup: Drup....

Izebaits: Dus Drup praatte foar syn beurt. Dus Drup jout antwurd sûnder dat ik him wat frege. En wat wie dat antwurd? No.... Drup?

Drup: We.... we koene der neat oan dwaan....

Izebaits: We koene der neat oan dwaan?! (*giet sitten*) Dat is dyn antwurd. Mar wat wie myn fraach? Wat hiesto tocht dat ik freegje soe, doesto seist: we koene der neat oan dwaan? (*stilte*) Drup?

Drup: Wêrom we sa.... laken?

Izebaits: Ja! Ik hearde dat jim laken!

Drup: We laken ús slop.

Drip: We koene der neat oan dwaan.

Drup: We boarten gewoan.

Drop: We boarten hynderke en tigerke.

Drip: En dat we elkoar opieten!

Drup: En doe moasten we gewoan hiel bot laitsje.

Izebaits: En doe moasten jim gewoan hiel bot laitsje....

Drip/Drop: Ja, doe moasten we gewoan hiel bot laitsje!

Izebaits: (*springt oerein*) Laitsje!? Laitsje?! Laitsje is net gewoan! Wat is der no te laitsjen? Wat is der no grappich oan in hynder. Al myn soldaten ha in hynder. Wat is der grappich oan in tiger? Tigers binne allinne mar yn 't Bûtenlân. En wa laket no as er opiten wurdt? Der falt neat te laitsjen! It is net leuk! Der is neat grappichs oan!

Drup: Ik fûn it eins wol grappich! We boarten dat Drip in wettersnip wie en dat er net swemme koe...hy moast syn poatsjes útslaan en syn kopke ûnder wetter stekke...

Izebaits: Stil! Drip is gjin snip! Gjin lânsnip en gjin wettersnip! En al soe dat sa wêze, dan falt der noch neat te laitsjen. En wêr 't in Keninginne net om laitsje kin, dêr kinne de Keninginnebern ek net om laitsje! En jim binne Keninginnebern. As Izebaits net laket, laket der nimmen. Nimmen! (*giet sitten*) Nimmen.... Nimmen.... (*Ijocht op de troan dôvet. Drip, Drup en Drop geane nei foaren ta, eventueel yn 'e seal*)

Drop: Us mem....

Drip: Izebaits. Us mem Izebaits....

Drup: Moast hearre, ús mem, Keninginne Izebaits....

Drip: Us mem is Keninginne. Sy hjit Izebaits. En dit is har paleis. Sy is Keninginne fan in hiel grut lân.

Drup: Hiel grut! Net ien wit, hoe grut! En wy wenje ek yn it paleis.
 Drip: Dat ha je as je Keninginnebern binne. Dêrom wenje wy hjir.
 Drop: Mei ús mem. De Keninginne.
 Drip/Drup: Izebait!
 Drop: Mar witst wat no it slimme is?
 Drup: It hiele slimme. Us mem....
 Drop: De Keninginne dus....
 Drip: Us mem fynt nearne mear wat oan! Se laket noait mear....
 Drup: Se kin nearne mear om laitsje!
 Drop: En dat is slim.
 Drup: Hartstikkene slim! Se sit mar wat te sitten.
 Drip: Op har troan. Mei in gesicht....
 Drop: Se wol wol laitsje....
 Drip: Mar se kin it net. Al in hiel skoft net. Elkenien besocht har wol laitsje te litten.... Elkenien tocht dat er Izegrim samar even laitsje litte koe.... Nee dus.
 Drop: Se besykje it noch wolris. De minister. De Generaal. Mar nee hear....
 Drip: En Nar fansels! Mar.... mar dy ek net!
 Drop: En as it harren net slagget, geane se.... hup !(*wiist nei de ramen*)
 De paleisgrêft yn!
 Drup: En dat is net sa moai! Foar harren foaral net! It is in fize stjonkgrêft.
 Drop: Foarhinne wie it wol fijn yn it paleis. Diene we mei syn allen spultsjes. Mem ek mei.
 Drup: En in wille! Weikrûpboartsje yn it paleis! Mei syn allen! Krûpten we ûnder it himelbêd. Yslik jong!
 Drip: Of yn de kelder; by de rotten! Dêr soest fan grize! Of op de souder!
 Oh, ja! Machtich! Wy laken ús stikken.
 Drop: Of we krûpten ûnder de troan. Witst noch dat we dêr mei syn trijen sieten, en dat se ús trije dagen letter earst fûnen? Wat ha wy ferskriklik lake! (*se laitsje eefkes*) Ssst. No net....
 Drip: Izebait laket noait mear.
 Drup: Se hat har Laits ferlern.
 Drip: Seit se....
 Drup: Har Laits ferlern!
 Drop: Mar wat je ferlieze kin je wol werom fine!
 Drup: Sille wy derom sykje; dy Laits fan ús mem?
 Drip: Ja! Sykje! Mar....
 Drop: As we him dan fine jouwe we him oan ús mem werom!

Drip: Ja, mar....

Drop: Dan wurdt alles wer goed!

Drip: Ja, mar....

Drop: Wat wolsto no te seuren mei dy ja, mar....?

Drip: Ja, mar....

Drup: Hoe sjocht sa'n Laits der út?

Drip: Wat foar kleur hat er?

Drup: Koest him ek rûke, dy Laits?

Drop: Nee, sleaukes! Mar koest him wol hearre!

Drup: Ja! It wie krekt as heardest beltsjes....

Drop: Tingelingeling.....

Drip: En trompetten!

Drop: Tetteretettertet!

Drup: Ssssst. Stil no 'es!

Drop: Stil no 'es allegear!

Drip: Stil (*nei stilte*) Ik hear neat!

Drop: Sssst!

Drup: (*nei in koarte stilte*) Gjin beltsjes!

Drip: Gjin trompetten....

Drop: Gjin Laits fan Izebaites.... (*tichte byinoar, efkes hiel trystich. Ien begjint mei kiteljen; de oaren folgje nei; laitsje en roppe*)

Izebaites: (*tige lûd*) Stilte!! (*alle trije deastil*) Diripiripipido!
 Dureapapeapaprika!! Doroporopoffitof!! (*alle trije gau ôf. Ljocht op 'e troan*) Myn bern? (*giet stean, rint nei foaren ta*) Wêr binne se?
 Wêrom sjoch ik se net? Wêrom hear ik se net? Binne se bang foar harren mem?
 Mar wêrom binne se bang foar my? Wêrom krûpe se fuort? Ik bin dochs altyd goed foar har. Se drage klean fan satyn. Se ite fan gouden boarden.
 Se krije les fan de knapste leararen. Wêrom binne se dan bang?! Se meie alles. Alles. Alles, útsein dat iene. Alles mei, útsein laitsje! (*harket*) Stil. Hear ik se dêr dochs laitsjen?
 Dêr yn 'e fierte? Nee, grif net. (*giet werom nei de troan, skillet*) Se witte ommers dat ik fertriet ha. (*lakei 1 komt fan lofts op, bûging*) Sykje myn bern. En fluch in bytsje! Flugger! (*lakei 1 hastich lofts ôf*)
 Se witte wol dat ik myn Laitsjen ferlern ha! (*skillet*) It is ommers harren eigen Mem dy 't net laitsje kin. (*lakei 2 hastich op fan rjochts*) Wêr wiesto!
 Do bist te let! Sykje myn bern. Fluch in bytsje! Rap! Rapper! (*lakei 2 hastich rjochts ôf*)
 Ik moat en sil myn Laits werom ha! Laitsje. Eartiids gong dat samar! Mar ik ha alles al sjoen; alles al belibbe. Wêr moat ik no noch om laitsje?
 Ik kin it net iens mear. (*triuwt mei de fingers de mûlhoeken omheech*) Ha. Ha. Ha. Ha. Ho. Ho. Hi. Hi. Hi. It wol net! Ik kin it net mear. (*Izebaites mei de holle yn beide*)

hannen; Spion komt op, lange swarte jas, swarte hoed mei brede râne)

Spion: Ssssss. (*slûpt achterlâns nei lofts, Izebaitss sjocht nei rjochts, Spion sist yn har linker ear*) Ssssss.

Izebaitss: Spion! Do hjir!

Spion: Sssssss.

Izebaitss: Wat no ssssss? Wat dochsto hjir? Do dûkst hjir samar op en sisterst myn earen wiet.

Spion: Sssssss. Majesssteit.

Izebaitss: (*triuwt him oan 'e kant*) Wiesto net yn it Bûtenlân?

Spion: (*sjocht speurend om him hinne*) Ik ha yn it Bûtenlân wessst.

Izebaitss: En? Hasto wat sjoen?

Spion: Wát sssjoen, Isssebaitsss?

Izebaitss: Hast wat sjoen dêrst om laitsje koest? Wat hiel gek? Soe ik der ek om laitsje kinne? Dêrom hie ik dy derhinne stjoerd. As myn Spion! Bisto wat tsjin kaam.

Spion: Wiss, Majesssteit.

Izebaitss: Hasto echt wat hiel hiel gek sjoen?

Spion: Fansselsss. Myn namme iss dochsss Ssspion?!

Izebaitss: Hasto it echt goed sjoen?

Spion: Ssspion sssjocht alles goed.

Izebaitss: En....?

Spion: En wat.... Majesssteit?

Izebaitss: Fertel dan!

Spion: Hoe 't it der út sssseach?

Izebaitss: Ja fansels! Fertel op man!

Spion: Dat koe ik net prussysss sssjen....

Izebaitss: Sufferd! Snertspion! Wat ha ik no oan dy?

Spion: Mar ik koe de minssken wol goed sssjen!

Izebaitss: Wat bedoelst no eins.

Spion: De minssken yn it Bûtenlân.

Izebaitss: Dy laitsje grif net. De minsken yn it Bûtenlân. It Bûtenlân is net in goed lân. Se ha gjin wurk, der is net genôch te iten....

Spion: Mar ssse laitsssje wol!

Izebaitss: Se laitsje wol? Se ha gjin klean oan 't liif Gjin dak boppe de holle! En sy soene laitsje? Kom no!

Spion: It iss wol sssa! En ssse laitsssje faak. En ssse laitsssje mei-inoar. En ssse klappe yn 'e hannen. ssse meitsssje mussyk en de minssken dûnssen....

Izebaitss: Ik kin it net leauwe! Sy laitsje.... en ik, ik ha myn Laitss ferlern.

Spion: Net ferlern, Isssebaitsss. Jo Laitsss iss.... ssstellen.

Izebaitss: Wat seist my no! Stellen?

Spion: Wiss en wrachtich! Asss jo him ferlern hiene, wie er fansselss wer fûn.

Izebaits: Mar wa stelt no de Laits fan Izebaits?

Spion: De minssken yn dat Bûtenlân....

Izebaits: Tinksto dat dy myn Laits stellen ha?

Spion: Wiss en sseker!

Izebaits: As sy myn Laits ha.... (*eagen ticht*) dan kin ik nea wer laitsje.

Spion: Noait wer?

Izebaits: Nea wer!

Spion: Majessteit, Sssspion wit oplossing; wy sssstelle jo Laitsss werom.

Izebaits: Stelle? Nee, in Keninginne stelt net.

Spion: Mar it iss Jo Laitsss. Jo eigen Laitsss Isssebaits. En dan is it gjin sstelllen!

Izebaits: Hoe? Hoe soe ik dan myn Laits werom krije kinne?

Spion: Wat iss de beanning sssire?

Izebaits: Wêrom wol elkenien dochs altyd in beanning! Elke dei komme myn tsjanners hjir. Se besykje my laitsje te litten. En wêrom? Om my in deugd te dwaan? Nee! Foar de beanning!

Spion: De beanning, sssire?

Izebaits: Jawis. Mei in kertier komme se wer: de Nar, de Generaal, de Minister. En it slagget fansels wer net. Dan geane se, hup, de grêft wer yn!

Spion: Isssebaits?

Izebaits: Se helje de frjemdste fratsen út, mar ik kin der net om laitsje.

Spion: Men sssseit, dat wa 't de Keninginne wer laitsssje lit, in beanning fersstjinnet!

Izebaits: Ja. Jawis!

Spion: Dusss....asss ik ssoargje dat Jo Laitsss weromkomt....

Izebaits: Kinsto dat?

Spion: Ssekersss!

Izebaits: Doch dat dan daliks, Spion!

Spion: Wat iss dan beanning foar Sssspion?

Izebaits: Asto my wer laitsje litst, sil ik dy ryk beanje!

Spion: Wêrmei, oh Isssebaits?

Izebaits: Watst' mar wolst. As ik myn Laits mar wer krij.

Spion: De helte fan jo Ryk, bygelyksss....

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto